

pake & beppe

fertel ris...





een roos

piet liep een poos.
oo, oo, een roos!
neem een roos
loop met

Yn ús tiid wie alles oars, we hearre it pake en beppe al sizzen: 'Doe't pake en beppe nei skoalle gienen, wie der noch gjin digiboerd. Der wie noch gjin kompjûter en ûnder iten moasten we stilsitte en mochten we net by de tafel wei.'

Fertel ris pake en beppe, hoe wie it dan by jim thús? En op skoalle? Wêr boarten jimme mei en wat ieten jimme faak en wat wienen by jim de regels oan tafel? Op de folgjende siden kinne jo in stikje fan jo libbensferhaal diele. Praat deroer mei de pake- en beppesizzers, wat herkenne de bern en wat is no oars as doe?

'Wy gongen ek wol nei in âlde man fierderop oan de trochgeande wei om tillefyzje te sjen. Foaral op woansdeitemiddei en sneontemiddei.' Pake Jeen

Noch wat ynspiraasje nedich? Lês de ferhalen yn dit tiidskrift of besjoch de filmkes út de tiid dat pake en beppe noch bern wienen troch de QR-koade te scannen. Witte pake en beppe net hoe't dat wurket, mei in QR-koade? De bern wolle jim fêst wol helpe.



mien aan een raar
mien lees-t:
een reep en een raar
een riem en een raar
met een riet aan een ne
oo, mien lees-t net.
neem een roos aan.
neem maar, mien.
piet riep: oo, oo, mien!
mien met een roos en een roo
net een paar.



***'Foardat ik nei skoalle gong,
krige ik in fyts op 'e groei.
De fyts wie oan 'e grutte kant.
En om by de trapers te kinnen,
sieten der houten blokken op
'e trapers fêstskroeve.'***

Myn namme is:


Ik bin berne op:


Ik bin berne yn (wenplak):

Ik ha ... broers en ... sussen

Ik fûn ús heit/mem/broer/sus it leafst omdat:

Ik wie wolris ûndogensk, sa as dy kear dat:






*'En dan skriuwe mei sa'n pen: dan hiest o
sa dyn bêst dien en dan wie it fergemy hast
slagge en dan foel der noch in drip inkt fan
dy pen ôf. No, at in drip inkt op it papier falt,
dy wurdt allinne mar grutter en dan
wie it wer mislearre.'* Pake Harry

SKOALTIID



***'Als de school inging,
luidde de hoofdmeester
de bel. Dan moest je in
de rij van je klas gaan
staan en moest je per klas
naar binnen. Klompen
en laarzen moesten uit,
maar schoenen mocht je
aanhouden.'***

Oma Gerry



Myn leafste master/juf wie:

Ik gie nei skoalle yn:

Myn leukste skoalfak wie:

Myn stomste skoalfak wie:

Myn master/juf wie wol/net streng, bygelyks dy kear dat:

It alderleukste op skoalle fûn ik:

Myn moaiste skoalherinnering is:

*'Der waard in soad hinkele, toutsjesprongen,
knikkere en "toppe". In top wie in houten gefal
dat mei in swypke slein waard, wêrtroch't de
top begûn te draaien en soms metersfier it
plein oer fleach. Gefaarlik, want in top tsjin
dyn holle krije jûket net.'*

Pake Johan



BOARTERSGUOD



'Foar skoaltiid en yn de pauzes dienen wy wol faak spultsjes op it plein mei syn allen, of mei in grutte groep. Toudûnsje, schipper mag ik overvaren, tikkerke en soksoarte dingen.'

Beppe Ytsje

Ik boarte it faakst mei:


Myn moaiste boartersguod wie:

Ik boarte it leafst:

As we bûten boarten dan diene we meastal:

Myn moaiste herinnering oan myn boartersguod is:

We hellen ek wolris wat út mei it bûtenboartsjen, sa as dy kear dat:



*'Tusken de middei, dan gongen wy út
skoalle wei nei hûs, te waarm iten, want
boeren ite tusken 'e middei waarm.
Dus nei hûs ta rinne, ite en dan wer te
rinnen nei skoalle ta.'*

Pake Harry

OAN TAFEL!



Myn leaflingsiten is:

We ieten hiel faak:

Ik hâld net fan:


By ús oan tafel sieten:

Wy hienen oan tafel de folgjende regels:

Ik moast altyd helpe mei:


Us heit of mem waard lulk wannear't ik:

Wy moasten altyd laitsje om:



Pieeeeeuw ...

It jonkje manoeuvrearet behindich troch in holle pipe dêr't de fjoerwurkbommen lizze dy't er ûntwike moat. Njoggen is er en hy sit op 'e bank, in tekkentsje oer syn en beppe har fuotten. 'Sjoch beppe', seit er sûnder op of om te sjen. 'Skytmaklik.' Mei de wiisfinger makket er amper te folgjen maneuvrels, mar dan giet it mis. Bam! De fonken spatte alle kanten op, en in swymke teloarstelling lûkt oer syn gesicht. 'Beppe mei no', is it en hy triuwt har syn tablet yn 'e hannen. 'It is echt net muoilik, hear beppe', seit er as se him it tablet weromjout, en hy oan syn folgjende rit begjint. 'Wat dochst leaver,' besiket se him ôf te lieden, 'game of bûtenboartsje mei dyn freontsjes.' It jonkje, folslein opslokt troch it spultsje, jout lykwols gjin sjoegje.



Se kin it barren op it skerm net byhâlde, en har tinzen dwale ôf. Mei har pake en in buorjonkje sit se yn it hege gers ûnder de appelbeam. Se ha twa moaie, lange, rjochte stokken fûn. 'Wol pake ús in pylk en bôge meitsje?' Pake lit har sjen dat de iene stôk fierstente bûchsum is om in geskikte bôge fan te meitsjen. En de oare brekt er samar midstwa ... Oare kant de dyk is in boskje dêr't iken en bjrken groeie, en dêr't altyd wol dea hout ûnder leit. Mei har trijen sykje se geskikte stokken, foar elk ien, en foar de pylken wat tinnere. Even letter sitte it buorjonkje en sy as echte yndianen yn kleanmakkerssit ûnder de appelbeam, dêr't heech boppe harren in protter him hearre lit: 'Pieeeeeuw ...' Pake krijt in stoel, en wiist hoe mei jirpelskylmeskes de skors fuort te heljen, kepen te meitsjen ek dy't it toutsje op syn plak hâlde moatte. 'En tink om 'e fingers.' Hoe hiet dat jonkje ek wer? Beppe sjocht him noch sa foar har, in stoer boike mei wyt hier, like wyt as dat fan har beppesizzer neist har. 'O nee, hin!' ropt dy en iepenet in oar spultsje, wat mei race-auto's.

It buorjonkje en sy sitte yn it gers, hy hat it puntsje fan 'e tonge in eintsje ta de mûle út, sa docht er syn bêst. Underwilens snijt pake inkelde pylken, dêrnei helpt er mei de toutsjes de bôgen op spanning te bringen. 'Ik sjit alle protters út 'e beam!' ropt Harm stoer. Och heden, is ek sa, no wit se it wer: Harm hiet er ... 'Dat wol ik sjen', seit pake. 'Pieeeeeuw ...' fluitet de protter tusken it blêdte. Fersint se har, of klinkt it spotsk? Harm krijt syn sjitark, spant de bôge, en ... 'pieeeeeuw' sûzet de pylk troch de loft. Dy boarret him in pear meter fierderop yn 'e grûn.

'O nee, hin', klaget it jonkje neist har op 'e bank. Hy klikt it spultsje fuort, en giet op syk nei wer in oare game. Even sjocht er fansiden. 'Ik bin wrâldkampioen bôgesjitten, beppe', is it grutsk. 'Ik sjit alle wylde bisten kroandea.' 'Ik ek', seit se en komt oerein. 'Of wol beppe soms sjitte? Wêr giet beppe hinne?' 'Geskikte stokken sykje', seit se, en rint nei de doar. 'Wat moat beppe no mei stokken?' It jonkje ferliest syn ynteresse en sit alwer mei de noas boppe-op it skerm. 'Sjitte', seit beppe. 'Dan ha ik fansels stokken noadich. Om in bôge te meitsjen. En pylken.' It jonkje set grutte eagen op. 'Echt?' 'Echt. Mar ik jei net op wylde bisten, hear. Net iens op protters. Mar ik, ik sjit alle appels út 'e beam. Ha 'k fan myn pake leard.' 'Echt?' 'Echt.' It tablet giet oan kant. Syn waarme hân yn harres sette se tegearre nei bûten om stokken. 'Beppe ...' 'Jahaa ...' 'Kin beppe my dat ek leare?' ~

Oan de itenstafel

'Ha, lekker, pake hat aaien sean,' kraait it âldste famke.

'Ik fyn aaien net lekker,' seit de jongste fan fiif, en se lûkt in gesicht as wie in aai kleare fergif.

'It is wat mei dy,' skodholje ik. 'In sean aaike is dochs hearlik? Eartiids krige ik hast noait in aai. En dan moast ik it ek noch mei myn broer diele.'

'Dat is al hiel lang lyn, net pake?' freget de âldste.

'Wat die pake dan op bôle?' wol de jongste witte.

'No eh... sjem en sjokoladepasta en rûgeltsjes en...'

'Rûgeltsjes?' Twa pear grutte ferhearde eagen sjogge my oan.

'Hagelslach,' lis ik út.

'O, ja hagelslach, dat mei ik wol,' knikt de jongste dy't nochal in swietbekje is.

'Sjem makke ús mem sels,' fertel ik. 'Fan ierdbeien en strinkjebeien en ek wol fan toarnbeien. Lekker hear! Us mem makke trouwens alles sels, se koe ek hiel goed ynmeitsje.'

'Mar pake!' seit de âldste ferbjustere, 'wie pake syn mem ek by it kuorkebaljen? Want ús trener seit altyd foar de wedstriid: Jim moatte se ynmeitsje! Hy bedoelt dêrmei dat wy winne moatte mei in hiel soad ferskil.'

'Wol fiif punten ferskil,' demonstrearret de jongste mei útsprate fingers.

Wy ha in misbegryp, dat ik fertel: 'Us heit hie in grutte grienteún. Dat wy hienen altyd tefolle griente. Tsjinwurdich soenen wy dat allegearre yn 'e friezer dwaan, mar wy hienen doe noch gjin friezer. Dêrom moast ús mem dy griente ynmeitsje.'

'Hoe ynmeitsje, pake?'

'No, earst de griente siede en as it ôfkuolle wie, kaam it yn glêzen weckflessen. Dy weckflessen moasten luchticht ôfsluten wurde en dan kamen se yn de kelder. Sa hienen wy yn de winter lekkere simmergriente. Mar ear't de griente yn de weckflessen siet, moast der hiel wat dien wurde: myn broer en ik moasten bygelyks altyd beantsjekopje en -triedzje. Snijbeantsjes hoegden net yn weckflessen, dy kamen yn in brune Keulse pot: earst in laachje sâlt, dan snijbeane, wer sâlt, snijbeane, oant de pot fol wie. Dan in doek op de snijbeane, dêr in passende rûne planke op en dan kaam dêr noch in stien boppe-op.'

'Wy krije noait snijbeane, is dat lekker, pake?'

'Kinst dy dêr oan snije, pake? Lykas in mes?'

'Ja, it is lekker, en nee, kinst dy der net oan snije, mar se moatte snijd wurde. Mei in snijbeanemûne.'

'In snijbeanemûne?'

'Ja, in lyts mûntsje mei meskes. Dat mûntsje skroefst fêst oan de tafel. Der sitte twa gatten yn 'e mûne: foar de lytse en de gruttere beane. Dan draaie en de beane wurde snijd. Mar wurdst wol wurch fan dat draaien, hear. In buorman fan ús hie dêr syn nocht fan, dêrom sette er in kear de boarmasine oan it mûntsje. Mar dat gie te mâl, stikjes snijbeane fleagen oan de souder ta.'

'Ik wol letter ek sa'n snijbeanemûne ha,' laket de âldste.

De jongste komt mei wat oars: 'Pake, wit pake wol wat ik hiel, hiel lekker fyn? Wraps!'

Se sjocht my oan fan: weagje it net en sis dat wraps nét lekker binne.

'Wraps, hearlik,' knik ik dus mar.

'Makke pake syn mem ek wraps,' wol se witte.

Ik skodholje. 'Nee, mar ús mem makke wolris boffert. Boffert mei krinten en rezinen, dát wie dochs lekker!'

'Mar fêst sa lekker net as couscous mei stikjes hin, fynsnijde paprika's, stikjes sipel en oare griente,' bewearde de âldste.

Ik jou it op. 'Dêr hasto fansels gelyk oan. Mar sille jimme no efkes trochite? Aansen is de dei om.' ~